

**Underwerpen Steatemerck 11 april 2018,
17.00 oere
Lokaasje: Bedriusrestaurant, Provinsjehûs**

1. Adaptieve maatregelen N358 Skieding

Yn oerlis mei bewenners, grûneigners, belangeorganisaasjes en oerheden hat de provinsje in plan opsteld mei ferskate maatregels dy't de ferkearsfeiligens, trochstreaming en leefberens ferbetterje moatte foar de Skieding, de wei tusken Surhústerfean en de A7. Earder binne al in tal basismaatregels fêststeld, no giet it om ekstra maatregels dy't de sitewaasje fierder ferbetterje moatte, de saneamde Plus

2. Startnotysje Hifking Fryske Marreprojekt

It projekt Fryske Marren fan de provinsje Fryslân is yn de perioade 2000 – 2015 útfierd foar in bedrach fan mei-inoar sawat € 450 miljoen. Mei de ôfsluting fan it projekt ein 2015 sil der in lêste hifking útfierd wurde. Yn de startnotysje hifking Fryske Marreprojekt dy't no foarleit útsteld wurdt om in eks post evaluaasje út te fieren

3. Oeverbehear – startnotysje

Op grûn fan de Wetterwet hat der earder in ferdieling fan it farwegenbehear yn ús provinsje plak fûn. Oer it oeverbehear is doetiids it beslút nommen dat it bleau sa't al regelje wie, sjoen de ferwachte diskusje en finansjele ympekt oangeande oeverbehear.

No leit in startnotysje foar wêrmei DS de rjochting fêst lizze wolle om antwurd te jaan op de fraach hoe't it behear fan de oevers lâns farwegen regele wurde kin.

4. ûnderhâldsdjipte Fryske Marren

Yn 2009 is it eigendom fan de Fryske marren oerdroegen fan it Ryk nei de provinsje. Dêrmei is de provinsje ek ferantwurdlik wurden foar it behear & ûnderhâld fan dizze marren. Der in tasizzing dien dat der noch in separaat útstel oer de ûnderhâldsdjipte fan de Fryske marren komme sil. Dit útstel jout ynfolling oan dizze tasizzing.

5. Hurdfarre op de Burgumer Mar

In inisjatyfgroep út de omkriten fan de Burgumer Mar wol graach dat it hurdfarren op dizze mar wer mooglik makke wurdt. It is oan de provinsje as nautysk behearder én foechhawwende ynstânsje oangeande natoerbeskerming om útslútsel te jaan oer it al as net tastean fan it hurdfarren op de Burgumer Mar. DS wol it inisjatyf meinimme yn in beliedsfisy. Dit wurdt as útstel foarlein oan Provinsjale Steaten ta ynstimming.